

Examen HAVO 2025

tijdvak 1
maandag 26 mei
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 36 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 40 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

HA-1017-a-25-1-o



Tekst 1 Lykas Grutte Pier: 'Ik rêd mysels wol.'

- 1p 1 Hokker útspraak past it bêste by de ynliding boppe de tekst?
- A It is in anekdoate oer Steven de Jong.
 - B It is in gearfetting foarôf.
 - C It is in yntroduksje fan it ûnderwerp.
 - D It is in probleemstelling.
- “Sa no en dan slagget it”. (r. 7 en 8)
- 1p 2 Wêr slacht it wurd ‘it’ op werom?
- Yn alinea 1 hat Steven de Jong it oer it fertellen fan it ‘echte’ ferhaal.
- 1p 3 Wat bedoelt Steven de Jong mei it ‘echte’ ferhaal?
- “Lykas Grutte Pier: ‘Ik rêd mysels wol.’” (titel)
- 2p 4 Sitearje de **two** sinnen út de tekst oant en mei alinea 2 mei deselde betsjutting.
- 1p 5 Wat is it ferbân tusken de sin “In filmproduksje is net samar wat.” (r. 34 en 35) en it tekstpart “Al mei ... freget omtinken.” (r. 35-39)?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in konkludearjend ferbân.
 - C It is in oanfoljend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 6 Wêr soe Steven de Jong graach stipe yn de foarm fan jild wei hawwe wolle?
- Helje dyn antwurd út alinea 4.
- “In poepetoer is soks”. (r. 55)
- 1p 7 Lis út wat neffens Steven de Jong in poepetoer is.
- Om de plannen fan Steven de Jong konkreet te meitsjen is der jild nedich. Dat kriget er net.
- 1p 8 Wat kriget Steven de Jong neffens alinea 5 al dêr’t er net fierder mei kin? Sitearje it **wurd**.
- 2p 9 Wêr komt it subsydzjejild wei dat yn alinea 5 op it aljemint komt?
- “bedobbe ûnder in nust regels”. (r. 96)
- 1p 10 Hokker foarm fan byldspraak wurdt dêr brûkt?
- A ferliking
 - B metafoar
 - C metonymia
 - D personifikaasje



“Dat is fansels de wrâld op 'e kop”. (r. 117 en 118)

- 1p 11 Op hokker probleem doelt Steven de Jong mei dy útspraak?
- 1p 12 Wat kin Steven de Jong hiel min berikke as er mei partijen yn see giet foar it stypjen fan in filmproduksje?
- 2p 13 Sitearje de **beide sinparten** dy't it hâlden en dragen fan Steven de Jong werjouwje.
Helje dyn antwurd út alinea 7.
- Wêrtroch wie it foar Steven de Jong dreech om syn earste film te meitsjen?
- 1p 14 Jou de **two** redenen.
- Wêrom wol Steven de Jong in film meitsje oer Grutte Pier?
- 2p 15 Jou de **two** redenen.
- 1p 16 Beskriuw hoe't Steven de Jong jild ynsammele foar *De Gouden Swipe*.
- 1p 17 Beskriuw hoe't Steven de Jong reklame makke foar syn films.

De tekst kin opdield wurde yn trije parten:

Part 1: De filmwrâld mei alles deromhinne.

Part 2: De jildstreamen yn en om de filmwrâld hinne.

Part 3: De Fryske films fan de hân fan Steven de Jong.

- 1p 18 By hokker alinea begjint part 2?
- A alinea 3
 - B alinea 4
 - C alinea 5
 - D alinea 6

In skriuwer kin by it skriuwen fan teksten gebrûk meitsje fan

1. feiten
2. syn eigen miening
3. mieningen fan oaren

- 1p 19 Wêr hat de skriuwer fan dizze tekst benammen gebrûk fan makke?
- A fan 1 en 2
 - B fan 1 en 3
 - C fan 2 en 3
 - D fan 1, 2 en 3
- 1p 20 Ta watfoar tekstsoarte heart dizze tekst benammen?
- A redenearring
 - B skôging
 - C útienssetting



Tekst 2 Jongeren moatte harren eigen ynfloed net ûnderskatte

- 1p 21 Hoe lûkt de skiuwer yn de ynliding en alinea 1 de oandacht?
- A troch in saakkundige op it mêd fan takomstlessen te yntrodusearjen
 - B troch in útlis te jaan fan de takomstlessen
 - C troch it jaan fan de oanlieding ta it meitsjen fan de takomstlessen
 - D troch it jaan fan in gearfetting foarôf

- 1p 22 Hoe kin it neffens Mark Boode dat hy lessen jaan moat oer de klimaatkrisis?
- A Omdat de learlingen der neffens him om frege hawwe.
 - B Omdat hy fynt dat duorsumens ûnderdiel wêze moat fan it ûnderwiis.
 - C Omdat hy fynt dat it takomsttinken feroare wurde moat.
 - D Omdat it ûnderwiis dêryn neffens him tekoart sjit.

- 1p 23 Wêrom is neffens Mark Boode de takomst gjin gegeven dat fêstleit? Helje dyn antwurd út alinea 2.

Yn alinea 2 pleitsje de Teachers for Climate foar duorsumens as ûnderdiel fan alle skoalfakken.

- 1p 24 Sitearje it **tiidwurd** út alinea 2 dat as grûnslach jildt fan alle ûntwikkelingen op it mêd fan duorsumens.

- 1p 25 Wat is it ferbân tusken it tekstpart “In ienfâldige ... griene omjouwing.” (r. 34-50) en de sin “Sa wol ... oars kin.” (r. 50-52)?
- A It is in ferlykjend ferbân.
 - B It is in konkludearjend ferbân.
 - C It is in opsomjend ferbân.
 - D It is in redenjaand ferbân.

Yn alinea 4 jout Mark Boode oan dat er bewiis hat dat alle mooglikheden en karren net dúdlik en helder binne foar learlingen út it fuortset ûnderwiis.

- 1p 26 Sitearje it **sinpart** út alinea 4 dat foar Mark Boode oantoant dat er it by it rjochte ein hat.

- 1p 27 Hokker tuskenkopke jout de kearn fan alinea 4 it bêste wer?
- A Fraachtekens
 - B It ûnderwiis
 - C Jongeren
 - D Karren meitsje

“Mar sy hawwe sels net folle hannelingsperspektyf.” (r. 74-76)

- 1p 28 Hâld dy útspraak stân yn alinea 5? Motivearje dyn antwurd.



“Mar as ik tsjintwurdich in broadsje hjerring yt, dan tankje ik de fisk wat er foar my docht.” (r. 96-98)

1p 29 Watfoar argumint brûkt Mark Boode foar it betankjen fan in fisk?

- A emosjoneel
- B empirysk
- C feitlik
- D moreel

1p 30 Hokker kopke past it bêste boppe alinea 7?

- A Dúngbiet
- B Yndoktrinaasje
- C Ynformaasje
- D Stikstof

“Dat is gjin moai nijs”. (r. 118)

1p 31 Hokker stylfiguer sit yn it boppesteand sitaat?

- A eufemisme
- B hyperboal
- C paradoks
- D pleonasme

1p 32 Sitearje it **wurd** út alinea 7 dat itselde karakter hat as “Dat by diskusjes oer takomst en klimaat de emoasjes heech oprinne kinne, fynt Boode net sa frjemd.” (r. 122-124)

1p 33 Hokker kopke past it bêste boppe alinea 9?

- A Earlik wêze
- B Ferfelende feiten
- C Grutte útdagingen
- D Perspektyf biede

“It enerzjyprobleem ... him ôf.” (r. 155-160)

1p 34 Wêr is boppesteand sitaat neffens Mark Boode in foarbyld fan?

- A enerzjyearmoede
- B fernuvering
- C kreatyf wêze
- D rykdomskonferinsje

De titel fan de tekst is: “Jongeren moatte harren eigen ynfloed net ûnderskatte.” Yn alinea 5 wurdt in foarbyld jûn fan dy eigen ynfloed fan in jongere.

1p 35 Yn hokker alinea wurdt der ek in aksje beskreaun fan in jongere?

Let op: de laatste vraag van dit examen staat op de volgende pagina.



- 1p **36** Hokker doelen hat **Mark Boode** benammen foar eagen mei syn ferhaal?
- A** ynformearje en ferdivedearje
 - B** ynformearje en oertsjûgje
 - C** oantrune en ferdivedearje
 - D** oantrune en oertsjûgje

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.

